



Leave Lita mei ried en died

in blijspul yn trije bedriuwen

foar 5 froulju en 4 manlju

skriuwer

JOHAN E.G. RUITER

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **LEAVE LITA MIT RIED EN DIED** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JOHAN E.G. RUITER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2009 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Lita fan der Molen - skriuwster fan Leave Lita

Ton fan der Molen - har man, krûdedokter

Marie - help yn de hûshâlding

Geart Smit - hierder

Anna Smit - syn frou

Piter - hierder

Suze - dochter fan Ton en Lita

Pake - heit fan Geart

Beppe - beppe fan Marie

TOANIEL:

De keamer is er ien fan it bettere folk mei oan de efterkant twa doaren nei keamers en in finster (net needsakelik) links in doar nei de koken en ien nei it efterhûs, rjochts in doar nei de hal en ien nei de sliepkeamers. Oan ien fan de wanden hingje twa tillefoans, hast in meter fan elkoar. De linker is fan Ton, de rjochter fan Leave Lita.

EARSTE BEDRIUW

Ton en Lita sitte op it toaniel mei koffers en sa wat hinne op de taksy te wachtsjen die harren nei it fleanfjild bringe sil.

Ton: Ien ding begryp ik noch hieltyd net. Werom kinne wy no net nei Switserlân op fakânsje? It is doch in prachtich lân mei in moai útsjocht ensa.

Lita: No moast do ris goed nei mei harkje Ton ik moat romte om my hinne hawwe. Ik wol útsjen oer flak lân krekt as yn fryslân. Yn gjin gefal bergen om my hinne.

Ton: Werom bliuwe wy dan net hjir?

Lita: Omdat wy hjir wenje en as ik op fakânsje gean wolris wat oars sjen wol. Mar yn gjin gefal bergen, klear út.

Ton: Dat sis ik. Wy kinne best nei Switserlân ta. Der is it krekt like flak as op de Fryske greiden.

Lita: Wy hawwe it dochs wol oer Switserlân?

Ton: Ja Switserlân.

Lita: Flak lân, hé?

Ton: Ja flak lân.

Lita: Is der dan noch ien fan?

Ton: Wer fan?

Lita: No Switserlân.

Ton: Nee der is mar ien fan en dat lân is sa plat as in dûbeltsje, echt wier. It ieniche neidiel is miskyn dat der safolle en sokke djippe gatten binne.

Lita: Ha, ha, ik skuor my de bûsen út. Der binne faaks in protte Dútsers hinne west en. Mar gatten grave. Nee it is wol goed mei dy.

Ton: Hoe let komt dy taksy eins?

Lita: Dy hie er al wêze moatten.

Ton: Of hiest faaks in diel taksy bestelt? Yn dat gefal kinne wy de hiele brut noch wol in kear yn en útpakke. *(rjochter tillefoan giet en Lita nimt op)*

Lita: Mei Lita mei ried en died... O dat is net sa lêstich. Der kinne jo it beste mar gewoan jittik foar brûke, der lost de kalk sa yn op, nee graach dien. Ja, ik it beste.

Ton: *(nei publyk)* Dat is kassa tachtich eurosint.

Lita: Wat seist?

Ton: Ik sei: tachtich eurosint, dat betelje se doch foar in gesprek as sy mei "Leave Lita" belje en om ried freegje?

Lita: It is myn wurk en dat moat betelle wurde. En as hja no mar genôch belje dan wurde wy stjonkende ryk.

Ton: Mienst do dat ik mei myn wurk as krûdedokter net genôch fertsjinje?

Lita: Dat is mar bewize fan sprekken. Fan wat as do fertsjinnest kinne wy ús skoan rêde... mar ja de mar is nea fol.

Ton: En derom hast do it hûs ferhierd?

Lita: Krekt, wy barre trijehûndert euro yn de wike wylst wy sels op fakânsje binne. En fan dy sinten kinne wy moai trije wike in Ierlân sitte.

Ton: Allinne hawwe jo der wol bergen.

Lita: Ja wol, mar der binne ek flakke stikken.

Ton: Frouljuslogika. Ik sil se wol nea begripe. Allinne fyn ik it al frjemd dat er frjemde minsken yn ús hûs tahâlde. Wa wit wat ast yn e hûs hellest? Wy hawwe se sels noch nea sjoen.

Lita: Sit der no mar net oer yn. Ik haw it allegearre regele mei in stifting en dan binne jo der wis fan dat der betroude minsken yn jo hûs komme. Ik haw harren skreaun wer as de kaai leit foar it gefal dat wy haren net mear treffe. *(r tillefoan giet, Lita nimt oan)* Mei Lita mei ried en died... ien momint *(tsjin Ton)* myn útjouwer. Mynhear de Vries, sis it mar, ik harkje... eh, mar dat is geweldich, ja dat is bjusterbaarlik neis... wat sizze jo? Ek yn der Stern? Blikstiender... en it tillefoan nûmer der drekt by?... Mar, mar hoe moat it no? Wy steane op it punt om trije wike op fakânsje te gean... no ja, dat sil him ek wol rêde. Hei, ik kind er noch net goed by... jawis tige dank. *(hinget op en tsjin Ton)* Myn fraach rubryk komt ek yn de Dútske Stern en yn Der Spiegel.

Ton: Fan herte lokwinske fanke, do hast der jierren hurd foar skrept. Do hast it fertsjinne, mar moatte wy eins no net nei Belgje om nei in moai lân hûs om te sjen. *(Marie komt deryn)*

Marie: Och heare, binne jimme der no noch? Diel taksy bestelt tink? no ja kin ik doch noch efkes ôfskie nimme. Ik hoopje dat jimme moai waar hawwe en heul wêr thús komme.

Ton: Danke wol famke, en do ek noflike dagen.

Lita: Ek bedankt Marie en eh... do hâldst de boel sa no en dan noch wol in bytsje by hé?

Marie: Haw mar gjin noed, jimme kinne gerêst op fakânsje gean, ik hâldt wol wat tasjocht.

Lita: Ik wit dat ik dy betrouwe kin, fanke. Gean no mar gau, dan sjogge wy dy oer trije wike wol wer.

Marie: No goed dan. Oan sjen. *(efkes stil. Lûd fan autotoeter, Marie om e hoeke fan de doar)* Taksy!!!

Lita: Hé, hé litte wy no mar gean. (*tagearre ôf. It is in eagenblik stil, dan gerattel oan de doar doarbel, der wurdt troch it raam loerd en dan komt it echtpear Smit deryn. Geart mei streepkesbroek, galgen en in swarte jas. Anna yn in âldmoadrich jas wer sy in bûnte skelk ûnder hat. Geart sleept mei twa grutte koffers, Anna hat in swart taske en in ferskaat oan plestik pûden*)

Geart: Sjoch en der hâldt ik no net fan. (*sjocht al om him hinne*) Jo sprekke wat ôf en dan kinne joder net yn. It wie mar goed dat ik tsjin dy sei: sjoch ris ûnder die tredde blompot, oars hien wy der nea yn kinnen.

Anna: Dat hast do hielendal net sein.

Geart: No ja, ik woe it sizze, mar do bist hieltyd sa nijsgjirrich. Sit drekt oeral te loeren.

Anna: Moast hearre wa it seit.

Geart: Docht ek neat wy binne binnen.

Anna: Wy binne hielendal net binnen. Wy wurde sa earm as Job mei san dikke hier. Trije hûndert euro, dan kinne jo wol wenje krekt lyk as dizze minsken. Moast ris sjen wat in sijk spul. Hja hawwe sels twa tillefoans.

Geart: Dat is in... eh stereofon. Der hest do gjin ferstân fan.

Anna: Do wol dan?

Geart: Dat sprekt fansels.

Anna: Wer hast do dy brief litten wer alles yn stiet. Der wy doch ek in plattegrûn by?

Geart: Dat is wier ek, efkes sjen. Ja, der is er al. Sjoch en neffens dizze plattegrûn is dat de koken. (*Geart wiest en Anna giet hinne te sjen*)

Anna: Dat kloppet.

Geart: En dat is de gang nei de foardoar. (*Anna drintelt al hin en wer*)

Anna: Krekt dat kloppet.

Geart: En dat derre is in sliepkeamer. (*wiest nei efterwand*)

Anna: Krekt kloppet.

Geart: En dan moat dat de gang nei it efterhûs wêze. (*wiest links*)

Anna: Kloppet.

Geart: En dy oare doar rjochts dat moat dan nei boppe gean nei de sliepkeamers.

Anna: Kloppet.

Geart: En dy leste doar (*efterwand*) is ek in sliepkeamer.

Anna: Dat kloppet ek. (*geart lêst*)

Geart: En de kaai leit ûnder de fjirde blompot, mar dat hie ik al sein.

Anna: Dat kloppet net!!

Geart: Ja it is wol goed. Ik haw sin oan kofje en doch my der mar in slachrjemme punt by. (*Anna giet nei it koken en geart sjocht yn de kast en jout kommentaar*) Ja, in lekker buorreltsje en dy sigaren binne ek net ferkeard. (*stekt trije yn e bûse, sjocht yn koekjetromke*) Heie allinne mar moalkoekjes. (*r tillefoan giet*) Mei Geart. Wat of jo brûke moatte om ramen sûnder strepen skjin te kreien? Hoe soe ik dat witte moatte? Brûk mar wûnderoalje, is oeral goed foar. Nee neat te danken. It beste (*l tillefoan*) mei Geart... krûden foar termkrampen? Gjin idee... wat sizze jo?... O ik freechje Anna wol efkes. (*ropt Anna*) Anna kom es efkes hjir hinne. (*Anna op*)

Anna: Wat is der?

Geart: Hokker krûden moatte jo brûke by termkrampen?

Anna: Kamilletee.

Geart: (*yn tillefoan*) Kamilletee... ja dat wit ik fansels ek net, wachtsje ik jou jo Anna wol efkes. (*jout tillefoan oan Anna*)

Anna: Ja goeie mei Anna... no dan moatte jo kamilleknoppen plukke, die moat je dan droechje en der kinne jo dan tee fan sette... ja krekt as dy fan Douwe E... dy kinne jo net? Mynhear D. Egberts dan?... Ja krekt dy... no meie wy hjir gjin reklame meitsje... dus knoppen droechje en tee sette... O jo hawwe no termkrampen. Ja dat kin ik doch net helpe... ja ek de groeten.

Geart: Ik hie krekt ien foar it ramen waskjen.

Anna: No dy meie seker wol ris skjinmakke wurde.

Geart: Nee je, ik hie ien oan de tillefoan.

Anna: O nuver hé?

Geart: Ja ik freegje mei ôf, wat foar lju it binne dy hjir wenje. It sil my eins ek in soarch wêze, mar ik gean doch earst efkes op ferkenning út. (*giet ôf*)

Anna: Dan sil ik hjir mar ris op ûndersyk út (*ûndersiket it kammenet soarchfâldich*) sjoch er ris oan. Genôch drank foar in jier. It sille wol genieters wêze. Hé besitekaartsjes. Dy kin wolris fan de bewenners wêze. (*lêst*) Ton fan der Molen krûdedeskundige. O, wacht es efkes, dat is fansels san oplichter, san krûdedokter. No lekker folk. (*pakt oar kaartsje en lêst*) Lita fan der Molen ko ko kolomeniste. Wat is dat no wer? No ja sil ek wol net doge. (*Geart komt wer op*)

Geart: It liket hjir wol in hotel. Wat in keamers. Der binne op syn minst seis sliepkeamers en dan is der ek noch in kantoarke mei allegearre pûdsjes mei krûden en in hiele protte margrieten en libelles. En briefpapier mei "leave Lita" as opdruk. Soe dy frou sels bygelyks dy "leave Lita" wêze?

Anna: Dat tink ik net, want sy is kolobianiste of sokwat, haw ik krekt sjoen.

Geart: Kolobianiste? Wat mei dat dan wêze?

Anna: Gjûn idee, mar dy man fan har is in oplichter, san Moosdyk figuer. Earne minsken jild út de bûse klopje foar in pûdsje droeegers of sokwat.

Geart: En der binne wy yn e hûs? No der (*tillefoan links*) mei Geart Smit, sis it mar... ja der bine jo ek mei ferbûn... gers droegje, tee sette en opdrinke, wurket altyd. (*hinget op, tillefoan rjochts giet, geart nimt linker op*) Mei geart smit, hallo, jo meie wol wat sizze. O ik mat dy oare hawwe. (*nimt rjochter tillefoan*) Hjir mei Geart Smit... in middeltje tsjin giel wurden gerdinen? Gewoan giel litte... no net drekt liik wurde... Wa?? Ja ik sil jo leave Lita wol efkes jaan. (*jout tillefoan oan Anna*)

Anna: Ja hallo... giele gerdinen? As ik jo wie naam ik trije fyn snien sipels, der in heale flesse jittik oer hinne jitte en der dan de gerdinen in nacht yn stean litte, no ja en dan gewoan noch efkes útwaskje. Hoe bedoele jo: dat is in goede ried foar tachtich eurosinten? O ja??... Dat is goed en ek het beste. (*hinget op*) Ferhip sis dat is in poer beste manier fan jild fertsjinjen.

Geart: Hoe bedoelst?

Anna: No as dy minsken hjir opbelle wurde, dan barre sy tachtich eurosinten. Wylst sy allinne wat útlizze wat elkenien al wit en... (*r tillefoan, Anna nimt op*) Ja, mei tachtich eurosint, eh, ik bedoel hallo? Is der ien?... Ja der prate jo leau ik mei allinne is dit leave Anna... Teepûdsjes? Ja dat kin al, mar dan moat it al langer trekke. Ja goed. (*hinget op*) of je teepûdsjes wol twaris brûke kinne? Wat minsken allegearre betinke.

Geart: Dy minsken hjir hé? Dy wurde sittende stjonkend ryk. Werom hawwe wy soks no nea betocht? Werom skyt de duvel altyd op ien bult en dan ek noch op sa'n grutte? De lytse man mei de pet (*wiist op syn pet*) is doch altyd de lu... eh... klos.

Anna: Ja want as jo betinke dat dizze lju moai fan ús soer fertsjinne sinten op fakânsje binne, der wurdt je doch net goed fan, en dan, en dan jouwe wy ek noch antwurd op de fragen fan elke gek dy bellet. En hja barre eltse kear tachtich eurosint en dat is dochs eltse kear... eh... efkes tinke... eh ien gûne en fiif en santich sinten. Der moatte wy wat oan dwaan Geart.

Geart: Der hast gelyk oan fanke, mar de fraach is... wat en hoe??? (*sy gean beide oan de tafel sitten mei de holle yn 'e hannen. En dan ynienen*) De keamers!!!!

Anna: De keamers?

Geart: Ja de keamers.

Anna: Hoe sa, ja de keamers?

Geart: Ferhiere.

Anna: Ferhiere?

Geart: Ja goed hé?

Anna: Myn idee.

Geart: Nee, myn.

Anna: Hoefolle yn 'e wike?

Geart: Wat tochtst fan twahûndert euro?

Anna: Mar dan moat it iten der wol op ta wêze.

Geart: Nei wat ik hjir allegearre sjoen haw, kin dat bêst. Der is genôch yn hûs. Ik sil de V.V.V. mar ris efkes belje. *(nimt it tillefoan boek en siket it nûmer op)* 2743180... Ja, is dat de V.V.V.?... O no moatte jo ris nei my lústerje. Wy hawwe hjir noch wat keamers oer en wy tochten dat wy der wol wat gasten yn ûnder bringe koene... ja krekt bêd en brochje, krekt wat jo sizze... eh... twahûndert euro... djoer? Wolnee fanke, hja krije it iten der op ta en eh... in gleske wyn foar it miel en in puddinkje ta... no goed dan dogge wy der ek noch slachrjemme op... ja doarpsstrjitte fjirtjin... Goed wy wachtsje ôf. *(Marie komt deryn en sjocht fernuvert fan de ien nei de oarre)*

Geart: Ferhip, dat is rap!! Hoe kin dat no? Hoe komst do hjir sa rap?

Marie: Ikke bin Marie, de help yn de hûshâlding.

Geart: O dan binne jo de hittepetit. De daghit om sa mar te sizzen.

Marie: Nee mynhear, ik bin hjir in pear dagen yn 'e wike yn 'e hûshâlding en frou fan der Molen hat my frege om ris te sjen of it allegearre wat nei it sin is.

Anna: O en dy frou fan der Molen. Dat is seker dy leave Lita? Of is hja sa'n soarte fan Klazien?

Marie: Hoe bedoele jo, sa'n soarte fan Klazien?

Anna: Ik tocht oan klazien út Zalk. Jo witte wol sa'n krûdewyfke.

Marie: Och hearre nee. Sy skriuwt yn tiidskriften en sa ûnder de namme leave Lita.

Geart: Mar dan is dyn baas seker dy beruchte Willem fan der Moosdyk?

Marie: Eh?? Hoe bedoele jo?

Geart: De krûdebaas.

Marie: Ja krekt, en ik mei ferûnderstelle dat jimme de famylje Smit binne, dy it hûs foar trije wike hierd hawwe?

Geart: Yn ien kear goed. Do giest troch foar de kleuretelevyzje.

Anna: Moai, no alles is poer bêst yn oarder, mar do silst it de kommende trije wike noch wol drok krije mei al dy gasten.

Marie: Mei alle gasten? Mar jimme bin doch mar mei jim beiden?

Anna: Nee, dat hast dan net goed begrepen. Wy hawwe it hûs hiert en eh... ús famylje komt ek noch.

Marie: Ik tink net dat it de bedoeling is dat hjir...

Geart: Hast doch wol heard wol leave Anna sei? Wy hawwe it hiele hûs hiert en net ien lyts keamerke. En bûtendat, as wy der ein ferhiere wolle dogge wy dat. (*linker tillefoan*) Mei fan der Moosdyk... en hawwe jo der de hiele dei lêst fan?... Allinnich sa no en dan. Jawis der haw ik in hiel goed middel foar. (*Marie giet holle skuodsjend nei de gong, foardoar*) En dan moatte jo dat sa no en dan yn nimme... Werom??? No dat is doch ienfâldich jo hawwe der doch allinne mar sa no en dan lêst fan... ja kom mar efkes lâns. (*hinget op*)

Anna: Wat wolst dy persoan no jaan dan?

Geart: Och der steane sa folle pûdsjes mei krûden. Der is fest wol ien by dy helpe sil en oars jouwe him in pûdsje gerssied. (*sjocht om him hinne*) Wer is die tutte hinne? Dy hie al in pear keamers ree meitsje kinnen.

Anna: (*besoarge*) Wy kinne hjir doch gjin lêst mei krije, Geart? Wy dogge dit no al, mar...

Geart: Sit der no mar net oer yn famke, it is krekt sa as do seidest. Wy hawwe it hiele hûs hiert en der stiet neare dat wy it net in pear keamers ferhiere meie. Sa helje wy ús jild der ek wer út. Ha, ha, en mei winst. (*linker tillefoan, Anna nimt op*)

Anna: Mei Anna... was zagen sie? Kopfsmerzen? (*tsjin Geart*) Wat binne dat?

Geart: Dat is moffrikaander, jow my mar efkes. Want ik sprek better Dútsk as do, ja zagen Sie es maal was ister loos?... Schrekkelieke kopfsmerzen, ja daar moesen wir was an doen, aber mar was? Kroiter?... Kroiter, ach ja natuurlieg, ikke hab sjeune kruiten daar fuur, die hielfen bestimmt. Kommen sie maar eben langs... hé?... Nee ikke geje ze nicht bringen, kom se maar holen... Ja sjeune groetzen. (*hinget op*) Eh dat wie in Dútser. Hy hie lest fan de holle, mar ja dat hawwe se allegearre. It binne wol lju mei in protte jild yn 'e bûse en dy moatte wy hjir krekt hawwe.

Anna: Moast do dat guod dan bringe? Hielendal nei Dútslân?

Geart: Ja dat woe hy wol, mar ig bin nicht mesjokke. (*foardoar belle giet*)

Anna: De belle.

Geart: Ja dat hear ik.

Anna: Doch dan iepen.

Geart: Werom ik?

Anna: No ik bin hjir doch net bekend.

Geart: Ikke wol dan? (*belle giet wer*)

Anna: Sjit no mar op.

Geart: Al goed, ik gean al. (*giet ôf*)

Anna: No ik bin benijd wa oft der is. (*Geart komt op mei Piter*)

Geart: No moast es sjen wa wy hjir hawwe. Dizze jongkeardel wol in keamer hiere.

Anna: No dy hawwe wy dochs. Hat dizze jonge ek in namme?

Piter: O eh sorry, myn namme is Piter en ik woe wol in pear dagen in keamer fan jo hiere.

Anna: Dat mei al foar in pear dagen, mar jo moatte al foar de hiele wike betelje oars kin it net út. Ik bedoel ferskjinje en sokwat hinne. Meist wol brúne beanen mei spek?

Piter: Der bin ik sljocht op.

Anna: Fan é jûn brúne beanen mei spek. Sûne kost en net djûr.

Geart: Goed betocht famke. Kom mar mei jonge, dan lit ik dy de keamer sjen. Kinne wy drekt ek efkes ôfrekkenje?

Piter: Drekt betelje? Yn it foar? Dat haw ik noch nea meimakke, dat jo earst betelje moatte.

Geart: Do lêst seker gjin Ljouwerter krante tink? It hat krekt yn 'e regearing west, dat jo fan no ôf oan foar út betelje moatte yn hotels en pensjons en sa. (*hja ferdwine yn ien fan de keamers yn de efterwân*)

Anna: Doch wol in slimme foks, dy Geart fan my. Sa en dan moat ik mar ris yn de koken sjen Wat se hjir allegearre yn foarrie hawwe. (*giet ôf. It is efkes stil en dan komme Marie en Suze op*)

Suze: No meist do neat ferriede Marie. Wy dogge gewoan krekt of ik ien fan dy keamers hiere wol en dat ik dy tsjin kaam en do ferteldest my dat ik hjir in... (*Geart komt op*)

Geart: Sjoch ris oan der hawwe wy ús hittepetit ek wer en wa is dat?

Suze: Ik bin Suze fan der Mo... fan de Mo... eh... fan de Mokerheide.

Geart: Fan de Mokerheide? Grapke tink?

Suze: Nee hear. Ik eh... ik... eh bin skieppehoeder fan myn berop.

Geart: Skieppehoeder ja, ja.

Suze: Ja, jo kinne it net oan my sjen, mar it is echt wier en ik woe wol ris earne oars hinne.

Geart: En hast dyn skieppen mei naam? Dy moatte dan yn de garaazje.

Suze: Nee fansels net .

Geart: O wer wolle jo hinne dan? En wat hat sy der mei fan dwaan? (*wiest op Marie*)

Suze: Ik rûn har tsjin it liif en frege har oft sy in keamer foar my wist en doe hat sy my hjir hinne brocht.

Geart: Jo witte dat de hier twahûndert euro is? Foarút te beteljen. (*Marie sjocht Suze fol ûnleauwen oan en dan tsjin Geart*)

Marie: Mar ik tocht dat der allinne famylje komme soe?

Geart: Ja, mar dat smyt net genôch op. Dit is folle better.

Suze: No ik nim de keamer.

Geart: Prima, gean dan mar efkes sitten. Dan helje ik leave Anna wol efkes. (*giet ôf*)

Marie: Wat sille dyn âlden der wol net fan sizze dat sy hjir de boel ferhiere. Tsjin mei sei dy man dat der allinne famylje kaam.

Suze: No ús heit wurdt poer as er it heard. Hy wie er de hiele tiid al op tsjin. Oan de oare kant hat it ek wol wat grappichs en no ik hjir doch bin, kin ik altyd noch yngripe. En wa is yn fredesnamme leave Anna?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto